

HELIA EN HAR WRÂLD MEI CHOPIN

roman

*Helia
en har wrâld
mei Chopin*

Rients Faber

Korreksje: Dineke de Vos
Omslachûntwerp: Rients Faber
ISBN: : 9789402125962
©rientsfaber
Earste printinge, 2019

1952

*Je me demandais si la musique
n'était pas l'exemple unique
de ce qu'aurait pu être
-- s'il n'y avait pas eu l'invention du langage,
la formation des mots, l'analyse des idées --
la communication des âmes.*

Marcel Proust, *La Prisonnière*, p. 320
(A la recherche du temps perdu).

“Ik frege my ôf of muzyk
net it iennige foarbyld wêze soe
fan sielekommunikaasje,
as de útfining fan taal, de foarming fan wurden,
de analyze fan ideeën, der net west hie.”

WAT UNWIS HIE Sierd ferline wike de moarns yn 'e bewarskoalle sitten. Hy hold de slúf mei de brief foar juf fêst yn 'e hân lykas syn mem him sein hie. Hy moast him ûnderweis net ferlieze en him fuort oan juf jaan as er yn 'e klasse kaam. Mar juf hie drok stean te praten mei in pear oare bern. Dêrom wie Sierd earst eefkes sitten gongen op it stuoltsje by syn taffeltsje. Hy wist net goed hoe't er der fierder mei oan moast. Sa mar nei juf rinne no't alle bern al yn 'e klasse sieten, doarde hy net goed. As er de brief wat hin en wer waaiere boppe it taffeltsje dan soe juf dy miskien wol sjen.

Sierd waard suver kjel doe't juf him ynienen frege:

“Heb je een brief voor mij Sierd?” Hy knikte skrutten, want nei hast in jier yn in klasse mei safolle bern doarst er amper wat te sizzen.

Juf kaam op him ta en naam de slúf fan him oer en lei dy op har buro wylst de oare bern nijsgjirrich folgen wat juf sizze soe.

“Straks als je naar huis gaat Sierd, moet je even bij mij langs het bureau komen. Dan heb ik ondertussen de brief gelezen en krijg jij een bericht van mij mee voor je moeder.”

Dy moarn hold Sierd juf goed yn 'e gaten en hy seach dat se, doe't alle bern drok mei har flechtwurk dwaande wiene, de slúf iepenmakke en rêstich trochlies. Sy glimke en skreau wat ûnder op it papier fan syn mem.

Nei't se letter noch in skoft bûten by de bewarskoalle yn 'e grutte sânbak boarte hiene, rôp juf dat se it sân fan harren klean en hannen ôfslaan moasten en werom yn it lokaal

komme koene. It wie tolve oere en se koene earst nei hûs foar it waarm iten. Pas om twa oere hoegden se werom op skoalle te wêzen. Juf sei dat Sierd wachtsje moast oant de oare bern it lokaal út wiene.

“Kom maar Sierd, ik heb de brief van je moeder gelezen. Ze wil je volgende week graag mee te logeren nemen naar een vriendin van haar in het dorpje Einwert. Ik heb haar geschreven dat je wel een week vrij kunt krijgen, want zolang je op de kleuterschool zit ben je nog niet leerplichtig. Het is verstandig van je moeder om van deze gelegenheid te profiteren.”

Juf joech him de slúf mei it antwurd foar syn mem. No moast er dochs wol wat sizze.

“Tankjewol, juf.”

“En hoe zeg je dat in het Nederlands, Sierd?”

Hy krige in kleur en sei doe:

“Dank u wel, juf.”

Sa, dêr hie er him moai útrêden en hy wie bliid dat er takom wike net nei skoalle hoegde. Mei de brief stiif yn 'e hân huppele er fleurich nei hûs.

SE SOENE GOED tweintich minuten rinne moaten ear't se by de bushalte wiene. Sierd hie in lyts kofferke by him dat er grutsk fêsthold. Syn mem hie har tas mei alle oare klean foltroppe en mei presintsjes. Sa soenen se har de kommende fiif dagen wol rêde kinne. Foar de twa manlju, heit en pake, dy't thúsbleaune en harren itensieder misse moasten, hie mem it fleis al bret en ekstra itersguod kocht.

Sierd fûn it spannend dat se jûn samar op in frjemd plak sliepe soenen. Dat er mei syn mem sa'n skoft op stap soe, wie nij foar him. Hy fielde him in hiele keardel doe't se tegearre ûnderweis wiene nei de bushalte. It wie boppedat in fleurige dei.

De lju út 'e buert dy't se tsjinkamen seagen fernuvere dat mem en soan op reis soenen. Gauris waard der frege, wêr sil de reis hinne? Mem andere dan, we sille by in eardere skoalfreondinne fan my útfanhûs.

"No dan treffe jimme it mar mei dit moaie waar," wie fêst de reaksje.

De buorskip dêr't se wennen, lei oan 'e eastkant fan it doarp. De bushalte wie in hiel ein fierder oan 'e westkant, oan 'e strjitwei dy't út 'e stêd kaam.

Troch de stedsútwreidingen wie harren doarp fergroeid mei de stêd. Sierd wie fan jongs ôf oan wend dat der net allinnich Frysk om him hinne praat waard, lykas thús en by guon fan syn freonen, mar ek it stedsdialekt en Nederlânsk.

Fan 'e moarn wie Sierd al betider as gewoan fan bêd kommen. Net allinnich it iere ljocht fan 'e sinne hie dêr

mandélich oan west. It foarútsjoch dat er mei syn mem yn 'e bus op reis soe en de hiele wike fan hûs, wie allegearre in nij aventoer foar him. Tsjin syn kammeraat Sytse hie er sein dat er de kommende dagen net mei him boartsje koe. Sytse syn earste reaksje wie, hoe't it koe dat er al wist dat er moarn siik wie.

Nee, it siet oars, se soenen fan hûs en in hiele wike net thús sliepe. Hoe koe dat dan, it wie ommers gjin fakânsje-tiid.

Sierd ferhelle dat er mei syn mem útfanhûs gong nei in doarp dêr't de skoalfreondinne fan syn mem wenne.

No, dat koe by Sytse thús net, want wa soe der dan op syn jongere bruorke en suske passe moatte? Sytse wie suver ôfgeunstich no't Sierd yn it foardiel wie sûnder bruorke en suske. Hij wist net oft Sierd syn kammeraat noch wol wêze soe as dy weromkaam. Hy moast ommers immen oars sykje om mei te boartsjen.

Sa waard Sierd syn fleurige gefoel dochs wat timpere. Miskien hie er better thúsbluwe kinnen. Mar hy wie net grut genôch, hie mem sein, om allinnich thús te bliuwen.

OP DE DEI fan 'e reis wie Sierd troch alle tariedingen Sytse syn drigemint wer fergetten. Parmantich wie er mei syn mem ta de doar útstapt en by it hûs fan syn kammeraat Sytse seach er hoe't dy achter it rût mei syn hiele famylje stie te swaaien. No dan kaam it mei de freonskip wol goed.

Nei in koart iepen stik dyk mei greiden kamen se al rillegau yn it doarp. Alle dagen kaam er hjir lâns as er nei skoalle gong, mar no fielde it oars. Hy fielde him frijer en lokkiger. Dat gefoel wie begûn by de blommekwekerij foar it doarp mei al syn geuren wêryn't de lucht fan geraniums de oerhân hie. Yn it doarp sels walme de rook fan farske bôle har yn 'e mjitte.

“Wat rûkt it oeral lekker,” sei Sierd tsjin syn mem.

Yn 'e etalaazje by de bakker seagen se de earste bôlen lizzen. Middeis gong de bakker op syn bakfyts by de klanten del. Hy makke dan altiten in praatsje mei Sierd syn mem. De iene kear waard der lake en in oare kear waard der mei earnstige gesichten praat. Se moasten hjoed nei de bus en mem hie gjin tiid om in praatsje yn 'e winkel te meitsjen.

Doe't se oer de brêge it doarp útrûnen, waard de dyk wer breder en koene se njonken inoar oer de stoepe rinne.

Fanwegen de beammen oan wjerskanten wie it in moaie leane. Hjir stie nei in lyts eintsje rinnen de grutte skoalle dêr't er nei de fakânsje hinne soe. Mem hie tsjin him sein dat er dêrom earst mar in setsje nei de bewarskoalle moast, dan koe er fêst wenne hoe't it wie om alle dagen nei skoalle te gean.

Troch it iepen raam fan 'e skoalle hearden se hoe't in juf tsjin de bern prate en achter yn 'e skoalle waard songen foar in learling dêr't it hjoed de jierdei fan wie.

“De klasse treft it mar,” sei mem, “dy krije wat lekkers om fan te snobjen.”

Sierd wist noch hoe moai er it fûn doe't er sels mei syn trommeltsje mei suertsjes by de bern yn syn klasse lâns rinne mocht. De measte hiene earst wat yn it trommeltsje omrammele ear't se it suertsje fûnen dat har nei de sin wie.

It lûd fan 'e skoalle ferstille stadichoan en se kamen foarby it hûs fan 'e boargemaster. Ear't se by de strjitwei wiene, kaam der rjochts in stikje leane sûnder huzen.

“Al dy tûnkerijen soargje derfoar dat de lju yn 'e stêd wat te iten krije kinne. De stedslju ha faak amper in tûn by harren hûs en hawwe dus sels gjin griente en fruit yn 'e tûn.”

Ut 'e tûnkerijen kaam in waarme swiete wyn.

Underwilens wiene se by de strjitwei oankommen. It wie hjir drok mei alderhande ferkear. De bushalte wie in eintsje fierderop oan 'e oare kant. Sierd wie bliid dat se der hast wiene, want it kofferke fiede folle swierder oan no't se sa'n ein rûn hiene.

By de bushalte stiene al in pear lju te wachtsjen. Sierd en syn mem skoden oan ûnder it dakje fan 'e halte en mem sei:

“Goemoarn.”

It andert gong as in lytse lûdweach troch it hokje. Sierd sei neat, mar bestudearre de minsken wat. Der wiene gjin bern. In âldere man en frou mei in koffer. Dy soenen grif útfanhûs of, dat koe fansels ek, wer nei hûs ta. Fierder wie der in âldere frou mei in jongere frou. De beide froulju laken tsjin him en de jongste sei:

“Do sjochst der mei dyn kofferke út as in echte útfanhuzer. Wêr sil de grutte reis hinne?”

Ear't er wat sizze koe, wat er leafst eins net die, sei syn mem al:

“We sille in pear dagen nei in eardere skoalfreondinne fan my, wat byprate en soksoarte dingen. Om’t ús Sierd noch net nei de grutte skoalle hoecht, kin dy moai mei. Oeral binne wol bern dêr’t er mei boartsje kin, no?”

“Ik begryp,” sei de âldste fan de froulju, “dat jo net mear bern hawwe. Ja, dan hawwe jo alle gelegenheid om der sa eefkes op út te gean. It is de moaie tiid fan it jier. En jo man, dy kin him sels wol rêde?”

“Ja hear, dat is gjin probleem, en boppedat wennet ús heit by ús yn. Sa hawwe se jûns altiten wat selskip oan inoar. En wêr sil jimme reis hinne?”

“Wy, ik en ús dochter Jikke, sille nei myn suster foar inkelde dagen. In pear moanne lyn is ús mem, ja se hie de leeftiid hear, weirekke. Mar it bliuwt jins mem no, hoe âld se ek binne. Us Jikke sei, mem moat der ris út, se sit fiersten tefolle mei prakkesaasjes, de fleur giet sa út it libben. Dat sadwaande.”

It petear waard ûnderbrutsen troch in kloft âldere skoalbern dy’t ynienen de hiele romte fan it hokje folle.

“Wat moai dat we fuortendaliks al wer nei hûs ta kinne,” hearde Sierd ien fan harren sizzen.

“Oars hiene we fan ’e middei pas frij west.”

Ta syn fernuvering seach Sierd dat der in grutte hûn by harren wie dy’t troch ien fan de fammen fuorre waard mei stikjes bôle.

It duorre net lang mear oft dêr wie de bus al. De kloft grutte bern ferdwûn as earste troch de foardoar fan ’e bus. Tagelyk, wat ferskûle tusken harren, ferdwûn ek de hûn mei de bus yn, meilokke troch it fanke. De sjauffeur hie neat yn ’e rekken fan dizze frjemde passazjier.

Mem liet it âldere stel foargean en sei:

“Kom Sierd, we kinne ynstappe. Graach twa kaartsjes sjauffeur, ien folwoeksene en in bernekaartsje foar in inkelde reis nei Einwert.”

SE SOCHTEN IN plakje healwei de bus. De grutte skoalbern hiene harren achter yn 'e bus nestele. Se hiene der grif nocht oan om de hûn, dy't hast sa grut as in keal wie, út it sicht fan 'e sjauffeur te hâlden.

“Do kinst it bêste by it raam sitte,” hie mem tsjin Sierd sein, “dan kinst my moai fertelle watsto ûnderweis allegearre sjochste.”

Dat fertellen like Sierd minder goed ta, mar by it raam sitte stie him wol oan. De bus wie ûnderwilens yn beweging kommen en hy seach heech oer de strjitwei. De rige huzen oan 'e kant fan 'e dyk hold ynienen op en der ferskynde in wide wrâld fan griene greiden mei hjir en dêr in pleats en wat huzen.

Doe't by sa'n tropke huzen in frou mei in bern op 'e earm yn 'e bus stapte, wie der as by tongerslach achteryn 'e bus it swiere lûd fan 'e hûn. It bern begûn fan skrik te gûlen. De sjauffeur kaam achter syn stjoer wei en rôp:

“Blikskater, wa hat hjir stikem in hûn mei yn 'e bus nommen sûnder te beteljen?”

Ien fan it jongfolk rôp dat de hûn ûngemurken mei ynstapt wie en dat it net harren skuld wie.

“Dan moat er der fuort wer út,” sei de busbaas. It grutfanke dat de hûn meilokke hie, frege leaf:

“Och sjauffeur, lit him noch in eintsje meiride. Dan nim ik him aansten mei nei ús hûs.”

“No, dat moat dan mar, dat is better as dat it bist hjir op in frjemd plak omtoarket en miskien wol achter it fee oanjaet.”